

provinsje fryslân
provincie fryslân



Bestjoersakkoart 2023-2027

Oparbeidzje foar Fryslân

July 2023



Mei-inoar oan 'e slach

Yn dit bestjoersakkoart stelle wy op haadlinen it belied fan de provinsje Fryslân foar de jierren 2023-2027 foar. It jout ús wurkhâlding oan: wy steane neist de ynwenners. Bouwe oan fertrouwen. It jout oan wat wy berikke sille. Wy fiede mei dit akkoart it politike en publike debat. It jout neffens ús genôch romte oan partijen yn en bûten de koälysje en oan belutsenen bûten it Provinsjehûs om mei eigen inisjativen en foarstellen te kommen, dy't wy konstruktyf beoardielje sille. Sadat wy mei-inoar de brede wolfeart yn de moaiste provinsje fan Nederlân fersterkje. Dêr geane wy graach mei oan 'e slach. Mei de mienskip, mei oare oerheden, mei it Ryk en Europa. Sadat wy mei-inoar oparbeidzje foar Fryslân.

De fraksjes fan BBB, CDA, FNP en ChristenUnie

Ynhâld

1	Ynvestearje yn inoar	5
2	Ynvestearje yn lânbou en natuer	9
3	Ynvestearje yn de wenomjouwing	16
4	Ynvestearje yn skjinne enerzjy	19
5	Ynvestearje yn wurkgelegenheid	22
6	Ynvestearje yn de mienskip	26
7	Ynvestearje yn sifers	31
8	Ynvestearje yn de organisaasje	33
	BYLAGEN	35
	Finansjele ympuls	36
	Brieven oan de (yn)formateur	38



Ynvestearje yn inoar

Mei-inoar ynvestearje is nedich om Fryslân fierder te helpen. Ynvestearje yn elkoar, yn relaasjes, yn de mienskip. Sa wurkje wy oan it betrouwen yn de oerheid. As provinsje wolle wy dêr in wichtige bydrage oan leverje. Wy sille neist ynwenners stean dy't aktiviteiten organisearje. Wy helpe bedriuwen om te fernijen. Wy stypje bestjoeren fan ferieningen en organisaasjes. Op sokke saken lizze wy de klam. It jaan fan fertrouwen stiet foarop. Dat fine wy wichtiger as kontrolearjen. Minsken sette wy sintraal yn it provinsjale belied. Elkenien dy't hjir wennet en komt, moat him hjir wolkom en thús fiele. Do meist wêze wa'tsto bist.

Troch op te arbeidzjen mei de ynwenners ferwachtsje wy dat elkenien him fierder ûntwikkelje kin. Hokker stúdzje of hokker berop hy of sy ek kiest. Of hokker hobby ien hat. Yn hokker doarp of stêd ien wenje wol. Wy binne der foar alle ynwenners. Dat draacht fierder by oan de brede wolfeart.

Sa bouwe wy fierder oan Fryslân. Oan de provinsje dy't yn ús hert sit. Dy't ús dierber is en dy't wy fierder fersterkje. Fan taal en kultuer oant ekonomy en sport. Dat dogge wy mei-inoar. Dat is de basis fan de Fryske mienskip en ús grutskens op Fryslân. Dêr stekke wy yn de kommende fjouwer jier sels hast € 175 miljoen ekstra yn. Dat dogge wy op in ferantwurde wize. Sûnder te besunigjen, sûnder de lêsten te ferswierjen.

Wy ynvestearje ekstra. Dêrfoar brûke wy jild út ús frije reserve. Want dat rêde wy net op mei ús gewoane begrutting. Dy rint hieltyd fierder werom. Dat twingt ús om te kiezen. Net alles kin. Dêrneist dogge wy in berop op it Ryk en de Europeeske Uny. Sy binne nedich om mei-inoar te bouwen oan Fryslân. Mei harren wolle wy ek



‘oparbeidzje’. Bygelyks fia it Frysk Programma foar it Lanlik Gebiet. Tagelyk soargje wy derfoar dat wy genôch jild oerhâlde om risiko’s opfange te kinnen.

Ynvestearje is mear as kâldwei earne jild yn stekke. It is earne fol oertsjûging foar kieze en op ynsette. Dat is hoe’t wy ynvestearje.

Efterstelling

Dat boargers no net it gefoel hawwe dat de oerheid der foar harren is, hawwe wy yn ‘e ôfrûne tiid sjoen. Der wiene fûle protesten by it Provinsjehûs. Yn it rapport Elke regio telt! hawwe trije lanlike advysorganen nei ûndersyk oanjûn dat it Ryk de regio bûten de Rânestêd yn ‘e steek litten hat. Dat hat yn ús lytse lân ta grutte ferskillen laat. Ta efterstannen op it mêd fan sûnens en ynkommen. Dy efterstelling is net earlik. Dy past net by it Nederlân dêr’t wy foar steane.

Wy kenne de ferkiezingsútslach fan 15 maart 2023. Al dy sinjalen kinne wy net oan ‘e kant skowe. Se moatte ús krekt motivearje om as oerheid it roer om te smiten. Wy hawwe net de yllúzje dat wy as provinsje de kleau tusken oerheid en boarger folslein tichtmeitsje kinne. Mar wy dogge dêr wol ús uterste bêst foar.

Wurkhâlding

It neist en net tsjinoer de boarger stean, is dêrby de wichtichste wurkhâlding. Dat dogge wy leafst yn ‘e mande mei de gemeenten en Wetterskip Fryslân. As ien oerheid. Wy sjogge hoe’t wy mei-inoar it bêste foar Fryslân berikke kinne. Want oer dy ynset binne wy it fansels iens. Fryslân is en bliuwt de moaiste provinsje en it bêste lân fan d’ ierde. Dêr bliuwe wy sûn en lokkich en genietsje wy fan de skjinne lucht.

Wy jouwe romte oan alle talinten fan de Friezen. Oan inisjativen út de mienskip. Dy biede wy alle kânsen. Fansels ek as se dêrby de provinsje wurk út hannen nimme.

It mei-inoar oparbeidzjen wint it fan it fierder yndividualisearjen. Us ideaal is om mei en neist de oare oerheden oan Fryslân te bouwen. Wy binne net it hûs fan de tûzen suchten, dêr’t se te fluch op ‘e rem traapje.

Tsjinstferliening

De tsjinstferliening moat better. Mear iepenheid komt erchtinken tefoaren. Wa’t in fergunning of subsydzje oanfreget of in fraach stelt, moat op alle mominten sjen kinne wêr’t syn fersyk bleaun is en wannear’t der dúdlikheid komt. Der moatte fêste kontakt-persoanen wêze. Bygelyks troch yn elk gebiet in gebietsdeputearre dúdliker as earste oansprekpunt oan te wizen.

By it jaan fan mear fertrouwen heart dat wy ien net daliks ôfrekkenje op it meitsjen fan flaters. Dat jildt ek foar meiwurkers fan de provinsje. Troch in bettere wurkjouwer te wêzen, ferwachtsje wy de kwaliteit fan de provinsjale organisaasje te ferheegjen.

Fûst

De relaasje mei it Ryk en de Europeeske Uny moat better. It rapport Elke regio telt! freget in solide oanpak oangeande hoe’t wy tinke dat it Ryk en de Europeeske Uny

derfoar soargje kinne dat de regionale ferskillen lytser wurde en ferdwine. Wy moatte mei-inoar in fûst meitsje en dêrmei as dat nedich is op 'e tafel slaan.

Ynwenners fertsjinje in aktivere rol by it meitsjen fan belied en begruttingen en by it beoardieljen oft wy ús wurk goed dogge. De jongerein belûke wy dêr direkter by.

Yn dit bestjoersakkoart jouwe wy oan hoe't wy der ûnder oaren foar soargje dat

- elke ynwenner telt
- elk lânskip telt
- elke ferbining telt
- elke baan telt
- elke taal telt
- elke frijwilliger en feriening telt
- elke euro telt

Wêr't Nederlân te lyts is foar grutte regionale ferskillen, stiet yn Fryslân de regio foarop. Elkenien kin dêroan bydrage. Fan lyts oant grut.

Wat wy berikke:

- Wy ferbetterje de ynformaasjefoarsjenning oan ynwenners. Soargje foar in bettere tsjinstferliening. Fergrutsje de mooglikheden foar ynwenners om mei te praten oer belied en begruttingen.
- Deputearre Steaten komme mei in aginda oer hoe't se ferwachtsje de posysje fan Fryslân by it Ryk en de Europeeske Uny te fersterkjen. Sawol oangeande it behertigjen fan de Fryske belangen (lobby) as it ferstevigjen fan de relaasjes (public affairs). Dêrby sjogge wy ek nei de ynset fan eigen minsken dy't njonken de gearwurking yn noardlik ferbân de Fryske lobby fersterkje.
- De jongerein mear belûke by de provinsjale polityk.
- Yn 2027 hawwe alle jonge Friezen yn kontakt west mei de provinsjale polityk.
- Foar elk gebiet is de gebietsdeputearre it earste oansprekpunt. As bestjoerlik fertsjintwurdiger fan de provinsje is de gebietsdeputearre maklik berikber. Hy of sy set him of har yn om problemen op te lossen en kânsen te benutten. Soks kin bygelyks út it gebietsbudzjet fan de gebietsdeputearre wei.
- Nei twa jier sjogge wy hoefier't wy binne mei it heljen fan de doelen fan it bestjoersakkoart. Wy geane ek nei oft it fertrouwen yn de (provinsjale) oerheid ferbettere is.



2

Ynvestearje yn lânbou en natuer

Wy Friezen binne grutsk op ús lanlik gebiet mei it eigen Fryske karakter. Wy binne de lânbouprovinsje fan Nederlân. Dat jildt foar it Fryske lânskip, de ekonomy en de kultuer. Mar ek foar leefberens, wêr't wy wenje, de natuer. Rûnom is de sterke ferbining fan de lânbou mei Fryslân sichtber. Dat wolke wy behâlde en folop benutte. Yn dizze tiid is dat net fanselssprekkend. Foar ús is it fan grut belang dat Fryslân de lânbouprovinsje fan Nederlân bliuwt.

Fryslân is ek bekend om syn moaie natuer. Om syn marren, de lânskippen en it wide útsjoch. It is ús mienskiplike taak om te soargjen foar in goede balâns tusken lânbou en natuer. Yn de diskusjes oangeande stikstof en natuer sjogge wy dat lânbou en natuer faak tsjinoer inoar steane. Wy sjogge dat oars. Wy sykje krekt nei de ferbining. Lânbou en natuer kinne en moatte inoar fersterkje. Yn in takomstbestindige lânbou, mei in rike natuer dy't bloeit yn al syn pracht en rykdom.

Dat freget fan ús as provinsje Fryslân om op te kommen foar de Fryske belangen. Foar de fasilititeiten en de leefberens op it plattelân. Foar de Fryske lânbou, dy't dêr sa bot mei ferfrissele is en foar ús natuer.

De ûntwikkelingen oangeande it lanlik gebiet steane net stil. Der komt nochal wat op Fryslân ôf. De kommende tiid komme der nije lanlike easken foar ús boeren, de natuer en it lanlik gebiet. Wy witte noch net wat dy wêze sille. Us útgongspunt is dat wy de wetten útfiere. Lykas de Wet stikstofreduksje en natuerferbettering, dy 't stjoert op 2035. Wy dogge dat op in wize dy't by Fryslân past.

Dat dogge wy mei-inoar. Mei gemeenten, ynweners en bedriuwen. Dat is de Fryske oanpak. Wy sette gjin plus op dy ambysjes. Sterker noch, de ambysjes dy't der binne, kinne wy allinnich helje as dêrfoar jild fan it Ryk komt. Wy ûntwikkelje in heldere fisy oer wêr't wy as provinsje yn 2050 en de perioade dêrnei steane. Dêrfoar meitsje wy in brede ôfwaging fan de aspekten dy't fan belang binne foar in leefber plattelân. Op grûn fan dy fisy sjogge wy wat der oant 2050 nedich is.

Doelen

Foar ús is in wichtich útgangspunt yn de kommende jierren dat de doelen foarop steane. Net de maatregels. Dat hâlde wy goed foar eagen. Yn elk gebiet sjogge wy hokker doelen wy dêr mei-inoar helje. Dêrby stimulearje wy plannen út de regio. Wy sette yn op in komplette oanpak foar it hiele gebiet. Wy kombinearje wêr't dat mooglik is. Wy hawwe altyd each foar de sosjaal-ekonomyske gefolgen fan de karren dy't wy meitsje. Dat sjogge wy as in wichtige pylder yn de gebieten.

Wy bringe yn kaart wat der yn in gebiet spilet. En wat der troch ús oanpak feroarje kin. Dêrmei ûntstiet romte foar maatwurk. Dat helpt och sa foar draachflak yn gebiets-prosessen. Wy dogge dêr mear ûnderfining mei op. Dêrby omearmje wy proeven, dy't bydrage kinne oan ús doelen. Wy begripe dat proeven net altyd liede ta it resultaat dat wy graach hawwe wolle. Kinst net alles foarsizze. As de minsken it wolle, begjinne wy soms gewoan. Sels as wy noch net alles witte, ek net oer de útkomst.

Wy besteegje it jild op de bêst mooglike wize. Sûnder oerstallige sketten en sûnder al te folle yngewikkelde en krechte foarskriften. Dêrom dogge wy rjochting it Ryk in berop op in ienfâldige 'yntegrale finansiering'. Wy wolle dat it Ryk syn jild minder stjoerend takent fia spesifike útkearingen, de saneamde SPUKs. Yn alle gefallen claime wy foar it plattelân yn brede sin mear jild fan it Ryk. Wy stypje ûndernimmers dy't sykje nei nije mooglikheden om jild te fertsjinjen.

Lânbou

Der komt in soad op ús boeren ôf. Tink allinnich al oan it Nasjonaal Programma Lanlik Gebiet. Dêryn stiet ûnder oaren de Stikstofopjefte sintraal. Dat is yn in Frysk Programma Lanlik Gebiet (FPLG) útwurke.

Yn hoe't wy mei de lânbousektor omgeane, stiet it ûndernimmerskip en fakmanskip fan de lânbousektor sintraal. Hoe't bedriuwen der yn 'e takomst útsjogge, litte wy dêrmei ek oan it fakmanskip yn de sektor oer. De boer moat sels de leie hawwe. Oft it no giet om gongbere, biologyske, biologysk-dynamyske of oare agraryske bedriuwen. Alle manieren fan buorkjen meie der wêze. De rol dy't de oerheid dêryn spilet moat fansels wol op oarder wêze. Mei dúdlike ramten, njonken de ûndernimmers.

Foar wat stikstof oanbelanget is der in groep boeren dy't al in hiel skoft yn ûnwis-sichheid sit: de PAS-melders en oare knipegefallen. Wy fine dat it Ryk sa gau mooglik soargje moat foar legalisaasje fan dy groep. Binnen ús mooglikheden sette wy alles op alles om harren te helpen. Sy fertsjinje ús stipe.

Dêrfoar is it krúsjaal dat stikstofromte dy't hjir beskikber komt yn Fryslân bliuwt. Wy sjogge in reël risiko dat in part fan dy romte nei oare plakken ferdwynt. En dêrmei komt de Fryske lânbousektor noch mear ûnder druk te stean. Dat is net de bedoeling. Dat nimme wy op yn ús Frysk Programma Lanlik gebiet.

Feilich iten

Wy befoarderje de ferbining tusken boeren en boargers. Sa fergrutsje wy de maatskiplike wurdearring en bewustwurding foar de lânbou en itensfoarsjenning. Dit is de sektor dy't ús iten produsearret. Goed iten, en feilich iten. Fan in kwaliteit dy't se wrâldwiid wurdearje. Dêrby past it befoarderjen fan de lokale itensproduksje en itensketens. In soad boeren wurkje dêr al oan mei. Wy litte dat graach mear sjen. Wy binne grutsk op produkten út Fryslân!

De druk op de beheinde romte yn ús provinsje is grut. De maatskiplike doelen en opjeften freegje om mear hektares as dat wy hawwe. Lânbougrûn behâlde wy safolle mooglik foar de sektor. Dat is nedich fanwege de wichtige ûntwikkelingen dêr't de lânbousektor foar stiet. Der bliuwt genôch romte om oare maatskiplike doelen sa as diken en wenningbou krekt lykas no te realisearjen. Wy stimme altyd mei gemeenten en ûndernimmers ôf. Romte en it ôfwikseljende lânskip hearre ta de grutste kearnwearden fan Fryslân. Dêr binne wy ús tige fan bewust. Dy kearnwearden hoedzje en noedzje wy.

Wy binne tsjin it ferplicht útkeapjen fan boeren foar natuer. Wy sette yn op it frijwillige spoar om boeren dy't ophâlde wolle út te keapjen. Dat kin wurkje as gongmakker. Dy oanpak wurkje wy fierder út.

Omrin

Us lânbou hat al in sterk oan grûn bûn karakter. Dêr binne wy grutsk op. Wy wolle it ferlies fan fiedingsstoffen fierder beheine. Ek dy út pis en poep fan minsken. Dy brûke wy wêr't dat mooglik is op 'en nij. Dong fan bisten sette wy optimaal yn. Dêrtroch hawwe wy yn kombinaasje mei fierdere fernijingen minder keunstdong nedich. Sa ûntstiet in bettere boaiem-fiedsel-dong omrin.

Yn it FPLG sykje wy de romte foar safolle mooglik dwersferbannen mei oare programma's. Lykas de Kaderrjochtline Wetter (KRW), it Natuernetwurk Nederlân (NNN) en de ferplichte bufferstripen. Of mei it Heechwetterbeskermingsprogramma. Sa beheine wy de fraach nei de hektares safolle mooglik. En brûke wy it jild better.

Natuer

Natuer en lânbou geane faak al hân yn hân. Sa binne der njonken natuerorganisaasjes al in soad boeren dy't har ynsette foar natuer, greidefûgels en bioferskaat. Dy natuer is in wichtige faktor foar it Fryske lânskip en de mienskip. Tink allinnich al oan de greidefûgels, dy't by ús kultuer hearre.

Wy sette ús dêrom yn foar behear fan besteande natuer en it heljen fan de wetlike en fêststelde doelen. Wy ûntwikkelje it Natuernetwurk Nederlân neffens de besteande wetlike ôfspraken. Wy binne derop tsjin dat it NNN deselde juridyske status krijt as Natura 2000 (it Europeeske ramt). Want dat soarget foar tefolle beheiningen. Dêr bliuwe wy wach op.

Wy stimulearje dat der mear greidefûgels komme. Wy fiere it oanfalsplan skries út. Krekt as it ferbetterprogramma bioferskaat. Wy sjogge hoe't wy de jacht fan rôfdieren op greidefûgels tsjingeane kinne. Dêrby sette wy ek yn op rommere mooglikheden om skea troch ûnder oaren guozzen te ferminderjen.



Wy soargje derfoar dat fergoedingen foar behear en natuerdoelen (lykas agrarysk natuerbehear, greidefûgels) oantreklik binne om oan mei te dwaan. Wa't meidocht, kin foar de lange termyn op in strukturele bydrage rekkenje. It is in maatskiplike tsjinst dy't wy beleanje. By Agrarysk Natuer- en Lânskipsbehear sette wy mear yn op fertrouwen en it heljen fan doelen. Dat jildt ek foar wyld- en faunabehear. Dat is wichtiger as kontrolearjen.

Feangreide

It feangreideprogramma 2021 - 2030 is it útgangspunt foar ús belied foar de kommende fjouwer jier. Dêr is ek noch jild foar. De lânbou is de earste brûker fan it feangreidegebiet. Dêrtroch stiet de funksje fan de lânbou yn dy gebieten sintraal. Wat it wetterbehear oanbelanget biede wy romte foar mear doelrjochte peilfakken. Dat is it opdielen yn gebieten dêr't itselde wetterpeil jildt. Dy drage by oan minimale boaiemdelgong en beheining fan koaldiokside. Dêrmei jouwe wy lânbou, natuer en bewenning in takomst. Yn 'e mande mei it Wetterskip Fryslân, gemeenten en de belutsenen yn de gebieten wurkje wy dat fierder út.

In soad wenningen yn it feangreidegebiet hawwe te krijen mei fundearingsproblemen. Wy wurkje al oan in subsydjeregeling om eigeners te helpen mei it ophelpen fan harren huzen. Wy hawwe ekstra omtinken foar de grutste probleemgefallen, lykas de saneamde 'koade read wenten'. Mei-inoar soargje wy derfoar dat der in dúdlik takomstperspektyf foar it gebiet is. Dêrbinnen jouwe wy belutsenen de romte om eigen plannen te meitsjen.

Wetter en boaiem

Wy sjogge dat it klimaat feroaret. Waarsekstremen nimme ta. De boaiem sakket. Dat fergruttet de kâns op dingen lykas drûchteskea, hjittestress en wetteroerlêst. Fryslân moat him dêrop tariesse. In sûne boaiem, skjin en foldwaande swiet wetter en in feilich wettersysteem binne fan grut belang.

By karren yn wat yn in gebiet mooglik is, sjogge wy hieltyd nei wat de wetterhûshâlding en de boaiem oankinne. Dat docht ek bliken út de brief 'Water en bodem sturend in de ruimtelijke inrichting', dy't de Minister fan Ynfrastruktuer en Wettersteat oan de Twadde Keamer stjoerd hat. Dat belied fan it Ryk rekket oare omjouwingsprogramma's en takomstige ynvestearringen. Lykas ferkear en ferfier en nijboulokaasjes, de Iselmarkust en de wetterpeilen yn it feangreidegebiet en op de hegere sângrûnen.

Wy meitsje yn Fryslân ús eigen ôfwagingen oer hoe't wy mei dy útdagingen omgeane. Dat dogge wy yn 'e mande mei Wetterskip Fryslân en mei gemeenten. De soarch foar lânbou en itensproduksje en foar natuerbehâld betsjut dat oerheden mei-inoar ynsette op it duorsum behâld fan lânbougrûn en natuergebieten. It wetterbelied is dêryn stypjend.

Drinkwetter

Foar it winnen fan grûnwetter foar drinkwetter binne wy as provinsje it foechhawwend gesach. Op grûn fan dy rol sille wy de beskikberens fan genôch en skjin drinkwetter foar ús ynwenners bliuwend garandearje. Dat dogge wy yn oparbeidzjen mei ûnder oaren Vitens en it Wetterskip. Dêrby hâlde wy rekken mei de útdagingen dy't hjirfoar neamd binne. En ek mei it effekt fan drinkwetterwinning op de omkriten.

Tagelyk sjogge wy dat it brûken fan drinkwetter de ôfrûne jierren flink tanaam is. Wy freegje ús ynwenners om sunich mei ús kostbere drinkwetter om te gean. Sadat wy minder wetter fergrieme.

Binnen it wetterbehear ûnderskiede wy yn Fryslân fjouwer gebieten mei elk harren eigen opjeften: Waad, klaai, fean en sân. Elk fan dy gebieten hat syn eigen fysike skaaimerken, opjeften en sosjaal-ekonomyske struktuer. Fia gebietsrjochte wurkjen jouwe wy yn 'e mande mei Wetterskip Fryslân dêr lokale ynfolling oan mei behâld fan de gearhing yn it wettersysteem. Dêrby sette wy ûnder oaren yn op it fêsthâlden fan mear swiet wetter en it ferstannich brûken fan Iselmarwetter.

De Omjouwingwet freget in breder boaiembelied fan de provinsjes. Net allinnich leit der in fokus op de boaiemfersmoarging. Mar wy hawwe ek omtinken foar it duorsum en effisjint behearen en brûken fan de boaiem. Foar it ferbetterjen fan 'e kwaliteit fan 'e lânbouboaiems is it Nasjonaal Programma Lânbouboaiems opset. De doelstelling is in duorsum behear fan de lânbouboaiems. Yn Fryslân hawwe wy dat útwurke yn it stribjen nei in goede boaiemkwaliteit en fruchtbere lânbougrûnen.

Trochinoar naam is dat yn Fryslân al op oarder. De boaiemdelgong yn feangebieten, it fersâltjen op de klaai en fersuorring yn de sânregio's freegje om neier ûndersyk. Mei as it nedich is in eigen oanpak. Wy dogge dat fia in lokale oanpak en it wetter- en boaiembelied.

Wat wy berikke:

- **Lânskip.** Wy hâlde each foar de beskerming fan wichtige lânskipselementen.
- **Fryske produkten.** Wy stimulearje de produksje en konsumpsje fan lokale produkten.
- **Gebietsoanpak.** Foar elk gebiet jouwe wy oan hokker doelen wy op it mêd fan bygelyks lânbou en natuer behelje. Dy mjitte wy foarôf en ûnder de rit. Wy geane troch mei it dielnimmen oan de Fryske Grûntafel.
- **Plattelânsfisy.** Wy meitsje in plattelânsfisy foar Fryslân yn 2050. Dy hinget gear mei de Omjouwingfisy.
- **Ryksjild.** Wy sette ús yn om fan it Ryk jild foar lânbou, natuer, wetter en boaiem te krijen. Dat is nedich om ús doelen te heljen. Wy hawwe foar in part fan de doelen sels allinnich jild beskikber oant en mei 2024. De ryksbydragen wolle wy yn in gebiet sa breed mooglik ynsette kinne.
- **PAS-melders.** Om PAS-melders en oare knipegefallen fluch te helpen, dogge wy wat wy kinne. Dat easkje wy ek fan it Ryk.
- **Frijwillige útkeap.** Mei boeren dy't dat wolle, sille wy gau yn petear om harren út te keapjen. De frijkommende stikstofromte bliuwt yn ús provinsje, benammen foar ús agraryske sektor.
- **Fiedingsstoffen.** Wy fergrutsje de mooglikheden om fiedingsstoffen út minsklike pis en poep as grûnstoffen te brûken.
- **Stikstofskieding.** Yn de útfiering fan it stikstofbelied fan de provinsje komt der by de term 'stikstof' in dúdlik ûnderskied tusken ammoniak (NH₃) en stikstofoksiden (NO_x).
- **Greidefûgels.** Mei ekstra ynset beskermje wy de skries en oare greidefûgels en ferstevigje wy it befoarderjen fan it bioferskaat. Dêrby heart de oanpak fan bisten dy't it foarsjoen hawwe op greidefûgels.
- **Wyld- en faunabehear.** Wy stypje en erkenne de rol fan wyld- en faunabehearders troch se op deselde wize as natuerbehearders te behanneljen.

- **Natuerbehear.** Wy stimulearje agrarysk natuerbehear troch fergoedingen foar langere tiid en leafst struktureel te jaan.
- **Wetterpeil.** It realisearjen fan mear doelrjochte peilfakken meitsje wy mooglik troch yn it feangreidegebiet ekstra jild foar it behear beskikber te stellen.
- **Boaiembelied.** Wy wurkje fierder oan ús yntegrale boaiembelied. Dêrfoar is mear ûndersyk nedich.
- **Nijbouthoiletten.** Yn 'e mande mei gemeenten stimulearje wy dat der yn nijbouwenten húskes komme dy't minsken sûnder drinkwetter trochspiele kinne.
- **Medisynresten.** Om risiko's foar it (drink)wetter te beheinen, sette wy ús binnen it Noard-Nederlânsk Netwurk Medisynresten steviger yn om medisynresten yn grûn- en oerflaktewetter te beheinen.

3

Ynvestearje yn de wenomjouwing

Yn oerflakte is Fryslân de grutste provinsje fan Nederlân. As wy al ús lân en wetter meitelle. Wy soargje derfoar dat Fryslân moai bliuwt. De romte hjir brûke wy op in goede wize. Foar alle funksjes dy't hjir binne. Nije ûntjouwingen passe wy sa goed mooglik yn ús lânskip yn. Wetter is dêrby in beskiedend elemint. Dat jildt foar nije diken, nije wiken en nije wenten. Tagelyk hechtsje wy oan it behâld fan ús karakteristike lânskip.

Dêryn hawwe wy wol wat te dwaan. It ryk freget fan ús om te wurkjen oan de Nasjonale Omjouwingsfisy Ekstra, de NOVEX. Wy bringe dêrfoar ús eigen romtlike opjeften yn kaart. Wat komt der op ús ôf, wat moat der allegear barre? Hoe kinne wy dêrmei omgean? Wy nimme dat op yn kaarten mei taljochting. Dat binne de saneamde ûntwikkelperspektiven. Dêrnei meitsje wy karren yn ús folgjende ferzje fan de Provinsjale Omjouwingsfisy. Dy sille wy dizze bestjoersperioade meitsje. Dat dogge wy fansels net allinnich. Wy belûke de mienskip, gemeenten en Wetterskip Fryslân dêrby.

It Ryk hat in list opsteld mei nasjonale opjeften en doelstellingen dy't Fryslân dêryn meinimme moat. Dat giet bygelyks oer lânbou, natuer en ekonomy. Of oer enerzjy, wenjen en ynfrastruktuer. Yn alle gefallen bouwe wy fierder op de skaaimerken en kwaliteit fan it Fryske lânskip. Wy sille safolle mooglik kombinearje: dwersferbannen meitsje, mearfâldich gebrûk fan 'e romte. De wichtige ûntwikkelingen yn Fryslân, lykas de gearstalling fan ús befolking, nimme wy dêryn mei.

Mobiliteit

It befoarderjen fan mobiliteit is fan grut belang foar de leefberens. Us provinsje hat in jierrenlange efterstân op it mêd fan berikberens en iepenbier ferfier. Dat hat laat ta sosjale en ekonomyske efterstelling.

Wy meitsje ús sterk foar in bettere berikberens yn Fryslân. Foar no en foar de takomst. Op de koarte termyn giet it dêrby om it fersterkjen fan ús regionale iepenbier ferfier. Benammen op it plattelân. Wy sykje dêrby nei nije, lytsskalige wizen fan ferfier. Dêrneist is de fersterking fan de hjoeddeiske treinferbining Ljouwert-Swol needsaaklik. Foar de ferbining fan ús provinsje mei de Rânestêd en de rest fan it lân.

De ferwachting is dat de minister ein 2024 mei it Startbeslút foar de Lelyline komt. It giet dêrby om de fariant mei in folweardige ôftakking nei Ljouwert. Om de belangen foar Fryslân goed te fertsjintwurdigjen, binne wy as Fryslân aktyf belutsen. Wy bringe dêrfoar, yn 'e mande mei Provinsjale Steaten, it sosjaal-ekonomyske en maatskiplike effekt en de gefolgen foar natuer en lânskip foar Fryslân yn kaart. Wy beskôgje dêrby ynfrastuktuer en wenningbou (ek lykas yn NOVEX) as aparte opjeften.

Wy sprekke it Ryk oan op syn ferantwurdlikheden foar de ryksynfrastuktuer yn Fryslân. Dêr falt bygelyks de berikberens fan de Waadeilannen ûnder. En ek de steat fan de brêgen en akwadukten fan it Prinses Margrietkanaal. Ynsidinten lykas mei it akwadukt yn de A7 tusken De Jouwer en Snits en by de hefbrêge fan de pier by Holwert meie net wer foarkomme.

It Waad

De diskusje oangeande it behear fan de soalen en de Waadfearhavens is bekend. Foar ús is it helder. It Ryk moat de berikberens fan de Waadeilannen altyd garandearje.

Ek op oare ûnderdielen hâlde wy de posysje fan it Waadgebiet skerp yn 'e gaten. Dat is nedich fanwege de bysûndere aard fan dat Unesco wrâlderfgoed. Mei in soad natuer, yn ferhâlding net folle bewenners, in soad besikers en in grut ferskaat oan belangen. Dêr binne op mjitte makke oplossingen foar ôfwikende omstannichheden nedich. Wy hechtsje oan de line dy't ynsetten is om te kommen ta minder bestjoerlike drokte: minder oerlisorganen en gearkomsten, mear aksje. Sadat wy it jild safolle mooglik ynsette foar it Waadgebiet en de minsken.

Foar de kofinansiering fan de projekten út it Waadfûns is al jild beskikber. Wy fine it fan belang dat besteande programma's trochgeane. Dêrby sjogge wy hoe't wy dat – yn 'e mande mei it Ryk – mooglik meitsje.

Laadpeallen

Wy folgje de ûntwikkeling fan it gebrûk fan elektryske auto's. Wy bringe yn kaart wat der nedich is om in dekkend netwurk mei foldwaande laadpeallen te krijen. Dêrby sjogge wy wat de rol fan de provinsje dêryn is.

Wenningen

Der binne te min wenningen foar ús ynwenners. Mei alle gefolgen dy't dat hat. Sa kinne jongeren gjin hûs fine yn it doarp dêr't se opgroeid binne. In soad minsken kinne net nei in betelbere wenning trochstreame. Wy moatte mei-inoar hurd oan 'e slach.

Wy hawwe yn Fryslân 17.500 wenten te bouwen. Dat hawwe wy yn de wendeals ôfptraat. Alle kearnen yn ús provinsje moatte de mooglikheid krije om nei aard, skaal en karakter by te bouwen. Yn oparbeidzjen mei de Fryske gemeenten sille wy dêr oan wurkje.

In substansjeel part dêrfan moat sosjale wenningbou wêze. Foar hierders en keepers. Mei gemeenten geane wy nei hoe't minsken mei in sosjale, maatskiplike of ekonomyske bining mei in doarp, wyk of eilân dêr foarrang op in wenning krije kinne.

Wy ûnderstreekje it belang fan foldwaande wenfoarmen foar âlderen. Dat is ek nedich fanwege de ûntwikkeling dat minsken sa lang mooglik selsstannich wenje kinne moatte. Wy biede kennis en sifers oer de fergrizing oan. Dêrmei ûnderbouwe wy it belied dat wy yn 'e mande mei gemeenten, wenningboukorporaasjes en oare organisaasjes fiere.

By it ûntwikkeljen fan de nije wenten behâlde wy ús romtlike en lânskiplike kwaliteit. Gjin VINEX-wiken. Mar krekt passend by de aard en skaal fan Fryslân. Alde bedriuwsgebouwen biede mooglikheden foar apparteminten. Dat moedigje wy oan. Dêr binne ek fûnsen foar. Yn line mei de wendeal 2023 wurkje wy as provinsje yn oparbeidzjen mei de gemeenten in Frysk Wenplan fierder út.

Elke Fries heart thús tagong ta fluch ynternet te hawwen. Elkenien moat digitaal meikomme kinne.

Wat wy berikke:

- **Wenningen.** Wenningbou nei aard, skaal en karakter yn alle Fryske kearnen.
- **Werpsterhoeke.** Lobby ynsette op eardere realisaasje stasjon Werpsterhoeke en op it behâld fan de fjirde trein Ljouwert – Swol.
- **Havenfisy.** Deputearre Steaten komme mei in yntegrale Fryske havenfisy. Wêrby't wy ynfastruktuer en ekonomy mei-inoar oparbeidzje litte. De nommen besluten oer de farwegen nei Drachten en It Hearrenfean bliuwe stean. Wy geane troch mei ús ynset foar it opwurdearjen fan it Van Harinxmakanaal.
- **Ferkearsfeiligens.** Deputearre Steaten leverje twadde helte fan 2024 in yntegrale fisy oer ferkearsfeiligens op. By it opstellen dêrfan belûkt it kolleezje de gemeenten, Ryksweustersteat en Prorail.
- **Fytsprovinsje.** Wy sille soargje dat wy de fytsprovinsje fan Nederlân binne. It fytsnelwegenetwurk realisearje wy fierder.
- **Brêgen en soalen.** Der binne meardere rykskeunstwurken dy't fan grut belang binne foar de Fryske mienskip. Tink oan de brêgen by Koatstertille en Skûlenboarch en it akwadukt Krúsweuster by Boalsert. En oan de soalen Boontjes en by It Amelân. As provinsje fiere wy de druk op it Ryk op, stypje wy de lobby en wêr't dat nedich is (lokaal) ûndersyk.
- **Yntegraal plan foar mobiliteit.** Deputearre Steaten komme mei in yntegraal plan foar mobiliteit yn ús provinsje. Dat njonken ûntsluting fan ús provinsje op syn minst yngiet op goedkeapere kaartsjes, sadat mear minsken gebrûk meitsje fan it OV. En op tagonklikens fan it OV foar elkenien en op it stimulearjen fan ynnovaasje fan ûnderop. Wy stimulearje inisjativen foar nije, lytsskalige alternativen foar iepenbier ferfier yn it lanlik gebiet.



Ynvestearje yn skjinne enerzjy

Mear skjinne enerzjy út eigen provinsje is needsaaklik. It makket ús minder ôfhinklik fan oalje en gas. It is goed foar it miljeu en de takomst fan ús bern. It kin soargje foar betelbere enerzjy. Sa wurkje wy oan in skjinne provinsje sûnder enerzjyearmoede. Dêrom meitsje wy it foar ynwenners en bedriuwen makliker om dêroan mei te dwaan. Enerzjybesparing draacht dêroan by. Watst net ferbrûkst, hoechst net op te wekken of te beteljen. Dat moedigje wy oan. Mei minder regels en mear finansjele help. Sadat wy mei-inoar op enerzjygebiet Fryslân foarúthelpe.

Sinne en wyn yn ús provinsje binne fan elkenien. As wy dêr enerzjy en opbringsten út helje, moat elkenien dêrfan profitearje kinne. Wypark Fryslân en nije duorsume enerzjyprojekten biede dêr mooglikheden foar. Dêrom sille wy jild stekke yn projekten foar skjinne enerzjy. Dy't in passend plak yn it lânskip krije.

Betelbere rekken

Dêrby rjochtsje wy ús benammen op minsken dy't no gjin jild hawwe om harren hûs op in duorsume wize suniger te meitsjen. Krekt sy hawwe lêst fan hege prizen. Sy witte wat enerzjyearmoede is. Mei subsydzjes en rintefrije lieningen kinne wy harren helpe. Om sa wer in betelbere enerzjyrekken te krijen.

De subsydzjeregelingen op it mêd fan enerzjy meitsje wy ienfâldiger. Foar ynwenners, bedriuwen en organisaasjes. Wêr't dat mooglik is jouwe wy juridyske en finansjele help by enerzjyprojekten. Oft it no giet om it isolearjen fan in wenning, de aktiviteiten fan in lokale enerzjykoöperaasje of it fergrienen fan bedriuwen. Der komt yn gearwurking

mei gemeenten ien provinsjaal loket dêr't elkenien terjochte kin. Mei ynformaasje oer gemeentlike subsydzjeregelingen op it mêd fan enerzjy. Provinsjale teams jouwe enerzjyadvizen.

Ferswierring fan it elektrisiteitsnet is nedich. It net rint no tsjin syn grinzen oan. Dat set net allinnich de rem op it opwekken fan mear skjinne enerzjy, mar ek op de útwreiding fan bedriuwen. Dêrom biede wy bedriuwen en agrariërs mooglikheden om mear enerzjy op te wekken en op te slaan. Dia lêste kin mei help fan enerzjyhubs.

Ferantwurde enerzjyopwekking

Nije foarmen fan enerzjy binne ek nedich om minder ôfhinklik te wêzen fan oalje en gas. Wy binne foar it opwekken fan enerzjy yn 'e eigen omkriten. Mar hechtsje der wol oan dat dat ferantwurde bart. Mei yn it foarste plak respekt foar it iepen Fryske lânskip. Nije wynmûnen en sinnepanielen meie dêr gjin ôfbrek oan dwaan.

Foar sinnepanielen is noch genôch romte op dakken. Wy soargje dat wy witte hoefolle oft de dakken no al opsmite en wat dêrby kin. Wy pleatse gjin sinnepanielen op lânbougrûn. Opwekken fan sinne-enerzjy kin wol op braaklizzend terrein. Bygelyks lâns provinsjale - en rykswegen. Of yn 'e oksels fan krusende autodiken. Ek sânwinplassen biede kânsen.

Yn it lanlik gebiet steane wy ûnder strikte betingsten mear lytse wynmûnen ta. Dy hawwe in maksimale as-hichte fan 15 meter. Se moatte passe yn it lânskip. De opwekke enerzjy is allinnich foar eigen gebrûk ornearre. Dy mûnen meie no al by agraryske bedriuwen. Wy steane se ek ta by agraryske helpbedriuwen en rekreative foarsjenningen.

Op in beheind tal bedriuweterreinen kinne mear wynmûnen komme. Dat jildt allinnich foar terreinen mei in aardige omfang yn stedske gebiet (Ljouwert, Drachten, It Hearrenfean en Snits). Dêr is de lânskiplike ynpasberheid ek needsaak. De tiphichte is maksimaal 100 meter. Dat is gelyk oan [it besteande belied](#) út de Feroardering Romte. Besteande doarpsmûnen meie opskale oant in tiphichte fan maksimaal 100 meter.

Dêrneist ferkenne wy mei de Fryske enerzjykoöperaasjes oft wy mei-inoar jild stekke wolle yn wynparken dy't it Ryk op it stuit ûntwikkelet. Dat dogge wy yn oerlis mei it Ryk. De opbringsten binne net foar de oandielhâlders fan grutte enerzjybedriuwen. Mar krije in maatskiplike bestimming.

Op beskate bedriuweterreinen binne spesifike problemen mei de enerzjyfoarsjenning. Wy behâlde ús de mooglikheid foar om dêrfoar mei in oplossing op mjitte te kommen.

Wy befoarderje dat boeren lokaal mear grien gas produsearje. Dêrtroch stjitte se minder stikstof út, soargje se foar duorsume enerzjy en befoarderje se it bioferskaat. Dy saneamde Fryske Trijeslach moedigje wy fierder oan. Yn 'e mande mei it Frysk Programma foar it Lanlik Gebiet sette wy dêr fierder op yn.

Ierdgasbaten

Wy bliuwe tsjin de winning fan oalje en gas yn Fryslân. Ek fanwege it risiko op skea troch boaiemdelgong. Wol hechtsje wy oan útfiering fan [de moasje Mulder en Van Wijngaarden](#). Dy freget om in bettere ferdieling fan de opbringsten. Wy fine dat de regio rjocht hat op de 'Fryske noarm' fan in tredde fan de ierdgasbaten yn in gebiet.

Troch de definitive ein fan de gaswinning yn Grinslân ferwachtsje wy dat de druk op winning út lytse fjilden tanimme sil. Dêr binne wy ekstra wach op.

Wy moedigje de opslach en it opwekjen fan skjinne enerzjy oan, lykas fia blue energy, akwaterny, wetterstof, biobrânstoffen en griene ammoniak. It wettertechnologykluster om Wetsus hinne kin dêr in rol yn spylje. Wy sjogge hoe't der lokale waarmtenetten sûnder ierdgas komme kinne. As wetterrike provinsje kinne wy dêrmei foarop rinne yn Europa. Wy geane fierder mei de besteande proef mei waarmte út wetter. Dy krijt op oare plakken in ferfolch.

Sa helje wy net allinnich de doelen dy't foar 2030 jilde. Mar wurkje wy ek oan de ierdgasfrije maatskippij dy't wy yn 2050 binne. Op in betelbere en lânskiplik ferantwurde wize. Yn 'e mande mei de ynwenners en bedriuwen yn Fryslân. Op in wize dy't by ús provinsje past.

Wat wy berikke:

- **Enerzjyprojekten.** Wy sille as provinsje sels (mei)ynvestearje yn duorsume enerzjyprojekten. Dat kinne ûnder oaren projekten wêze fan lokale enerzjykoöperaasjes. Dy opbringsten brûke wy ek om wenten better te isolearjen en te ferduorsumjen en foar oare enerzjyprojekten.
- **Wynmûnen.** De pleatsing fan nije wynmûnen kin yn in oantal gefallen ûnder betingsten. Deputearre Steaten komme dêrfoar mei in foarstel. Ferantwurde ynpassing yn it iepen Fryske lânskip is dêrfoar de wichtichste betingst.
- **Doarpsmûnen.** Om nei te gean hoefolle ferlet oft der is fan doarpsmûnen, ynventarisearje wy yn dizze bestjoersperioade hokker inisjativen der binne foar doarpsmûnen.
- **Sinneljedder.** Sinneparken en grutskalige wynmûneparken op lânbougrûn binne net tastien. Foar de kar fan nije sinneparken brûke wy de saneamde lanlik besteande '[sinneljedder](#)' methodology.
- **Enerzjyloket.** Der komt ien enerzjyloket dêr't ynwenners, bedriuwen en organisaasjes ynformaasje krije kinne oer hoe't se ienfâldich enerzjy opwekje kinne. De regelingen meitsje wy ienfâldiger. Dat dogge wy yn oerlis mei de ynwenners.
- **Nije enerzjyfoarmen.** Wy stypje de ûntwikkeling fan mear skjinne enerzjy. Bygelyks fia blue energy, wetterstof en akwaterny, troch diel te nimmen yn wynparken op see en fia it opwekjen fan biogas troch boeren.
- **Gasbaten.** Wy prate mei it Ryk ôf dat yn in regio dêr't gas wûn wurdt, in tredde fan de gasbaten nei dy regio heart te gean.
- **Tegelwippe.** Wy dogge mei oan it [Nederlânsk Kampioenskip tegelwippen](#). Dat dogge wy yn 'e mande mei gemeenten.
- **Wetterstof.** Wy sykje aktyf de gearwurking mei Grinslân en Drinte oangeande de fierdere ûntwikkeling fan wetterstof.

5

Ynvestearje yn wurkgelegenheid

Alle ynweners fan Fryslân moatte de eigen talinten ûntwikkelje kinne en it goede wurk fine kinne. Foar bedriuwen is groei fan it aanbod fan persoanen nedich om fierder groei te kinnen. Dêrfoar moatte wy jongeren yn Fryslân hâlde en hjirhinne helje. Dat kin, as wy dúdliker meitsje hoe noflik oft it hjir wenjen en wurkjen is. Wy stelle ús op neist de ûndernimmer en helpe wêr't dat kin. Dat is wichtiger as kontrolearjen. It papierwurk meitsje wy ienfâldiger. Wy sette fierder yn op de fiif sektoaren dy't earder selektarre binne. Dat kin yn de kommende jierren in soad kânsen biede. It fersterket de brede wolfeart. Wy arbeidzje dêrfoar op mei it bedriuwslibben, opliedingen en oare oerheden.

As provinsje spylje wy in rol yn 'e arbeidsmerkregio. Dêryn geane wy nei hoe't wy foar mear en passend persoanen soargje kinne. Yn 'e mande mei gemeenten, fakbûnen, wurkjouwers, UWV en skoallen. Troch fergrizing komme wy wurknimmers tekoart. Bygelyks yn de soarch. Hoe folje wy dy banen yn? Dêrfoar moatte wy jongeren hjir hâlde. En hjirhinne helje. Underrwiis moat better oanslute op de arbeidsmerk. Wy sette yn op it mbo, op fakmanskip en op Ljouwert as studintestêd. Elkenien moat stappen sette kinne om troch te gean mei learen en ûntwikkeljen. Fan pjut oant promovendus. Omskoalling fan âldere groepen is nedich. Krekt as it aktivearjen fan wa't no net wurket.

Wylst it liket as lizze de banen foar it opkrijen, jildt dat net foar elkenien. Dat moat oars. Bedriuwen helpe wy mei om nije finingen om te setten yn produksjewurk. Want dêr is ferlet fan.


By regelingen en fergunningen stiet ienfâld en effektiviteit foarop. Mei minder loketten dy't wol ienfâldiger te berikken binne. Minder prate, mear dwaan.

Ien aginda, ien loket

Wy wurkje oan ien ekonomyske aginda foar Fryslân. Oan in skjin, lokkich en sûn Fryslân. Trochgean op de koers dy't mei bedriuwen, ûnderwiis en gemeenten ynset is. Krekt as mei it ûnderwiisakkoart. Wy sette fierder yn op fiif sektoaren mei de by-behearrende kampussen: agraryske produkten, wettertechnology, werbrûkbere materialen, heechwaardige systemen en materialen en maritime technology. Dêryn stypje wy fernijingen en it oanlûken fan bedriuwen. Dat stiet beskreaun yn de '[Blue Delta](#)'-bol fan it Ynnovaasjepakt Fryslân.

Mei de oare oerheden komme wy ta ien ûndernimmersloket foar Fryslân. Wy geane dêrfoar troch mei de organisaasje Ynbusiness.

Yn de ekonomyske aginda krijt sirkulêre ekonomy in prominente rol. Hielendal rjochting 2025. Dat wolle wy as it jier fan de sirkulêre ekonomy bestimpelje. Wy hâlde as Fryslân ús kopposysje op dat mêd en drage dat better út. Wy sille ús dêr fierder yn ûntwikkelje. Mei as winsk dat der gjin ôffal oerbliuwt. As provinsjale organisaasje hearre wy it goede foarbyld te jaan. Sjen litte hoe't wy ferantwurde mei minsken en materialen omgeane. Sadat oaren dat ek dwaan sille. Mei help fan nije techniken dy't yn de praktyk te brûken binne. Dat smyt ek nochris banen op.



Wy binne grutsk op ús rekreaasje- en gastfrijheidssektor. Dy moat him fierder ûntwikkelje kinne. Wy moatte sjen litte dat dy sektor der foar alle ynkommensgroepen is. Dêryn hawwe toerismepromotors Merk Fryslân en Toerisme Alliantie Fryslân in wichtige rol. Merk Fryslân kin ek mear oan regiomarketing dwaan: sjen litte dat it noflik wenjen, studearjen en wurkjen is yn Fryslân.

Plattelânstoets

Emansipaasje fan it plattelân is nedich. Der binne tefolle foarsjenningen út 'e doarpen ferdwûn. Ferbettering is nedich. Wy moatte it wer opbouwe. Foar it meitsjen fan belied ûntwikkelje wy in plattelânstoets. Sa't der foar de Waadeilannen út it Ryk wei in Waadtoets jildt. De plattelânstoets jout oan hokker gefolgen it belied foar it lanlik gebiet hat. Wy moatte omtinken hawwe foar it winkelbestân. It ferbetterjen fan winkelgebieten stypje. Sawol yn lytsere as yn gruttere plakken.

Wy tinke dat Fryslân te min jild fan de Europeeske Uny en it Ryk krijt. Mear jild makket útfiering fan mear projekten mooglik. Dêryn moatte wy oparbeidzje mei it bedriuwslibben.

Fiskerij

De fiskerij is fan belang foar Fryslân. Dy sektor stiet ûnder druk. Under mear troch Europeeske ûntwikkelingen. Dêr is lanlik te min omtinken foar. Wy sette ús yn foar ús fiskers. Dat dogge wy rjochting it Ryk en yn 'e mande mei it Ryk yn Europa. Wy soargje hjir dat de ynfrastuktuer op oarder is en dat wy yn ús ekonomysk belied omtinken hawwe foar de fiskerij. It fiskerijbelied is foar it grutste part belied fan de Europeeske Uny.

Wat wy berikke:

- **Sirkulêr.** Sirkulariteit is noch in yngewikkeld begryp. Dat moat foar elkenien praktysker, logysker en begrypliker wêze. Sadat it ienfâldich neifolging fynt en wurkgelegenheid opsmyt. Dat dogge wy yn 'e mande mei de Vereniging voor Circulair Fryslân. Wy toetse ús provinsjale wurk oan it prinsipe fan sirkulêre ekonomy.
- **Bedriuweterreinen.** By de sirkulêre ekonomy kin it op 'en nij ferkaveljen fan bedriuweterreinen hearre. Dat foarkomt leechstân. It kin soargje foar minder enerzjyferbrûk en grienere bedriuweterreinen.
- **Foarbyldfunksje.** By ferantwurde gebrûk en opnij brûken fan materiaal rint de provinsje foarop en jout dy it goede foarbyld. Net meidwaan oan de weismytskippij troch bygelyks tsjinstauto's en stuollen en buro's net te fluch ôf te tankjen. It ljocht yn it Provinsjehûs brûnt allinnich ûnder wurktiid.
- **Plattelânstoets.** Wy hawwe mear each foar it yn stân hâlden fan foarsjenningen op it plattelân. Foar nij belied jildt in plattelânstoets. Sadat it belied bydraacht oan de leefberens fan it plattelân.
- **Winkelgebieten.** Der komt doelrjochte belied foar winkelgebieten, de saneamde retailaginda. Sawol foar binnenstêden as foar doarpen. Wy erkenne it prinsipe fan de saneamde 'nije winkelstrjitte'. Dat dogge wy graach yn gearwurking mei it Frysk Sintrumnetwurk.
- **Kongres Duorsum toerisme.** Der komt dizze bestjoersperioade op ien fan ús eilannen in ynternasjonale kongres oangeande it fraachstik duorsum toerisme. Hoe't ekonomy en toerisme yn lykwicht mei de leefberens en de natuer bliuwe.

- **Gastfrij.** Wy geane troch mei it ynvestearjen yn Gastfrij Fryslân.
- **Bedriuweterreinen.** Wy sette yn op it fergrienjen fan bedriuweterreinen.
- **Jild fan oaren.** Mei de goede belangebehertiging sette wy yn op ynternasjonalisearring. Wy helje mear jild binnen fan it Ryk en de Europeeske Uny. Yn oparbeidzjen mei ûndernimmers en it ûnderwiis. Om de ekonomy te fersterkjen. Dêrfoar is op koarte termyn in plan foar it Fryske Europabelied nedich.
- **Dútslân.** Oanslutend op ús belied foar it Ryk en Europa meitsje wy in agenda foar ekonomyske gearwurking mei Dútslân. Dat is ús wichtichste ynternasjonale hannelspartner. Wy sille dêrtroch de ynternasjonalisearring en eksport befoarderje.
- **Oanlûken fan bedriuwen.** De provinsje fernijt yn 'e mande mei de gemeenten it belied om bedriuwen oan te lûken. Dat wurdt ôfstimd mei de Noardelijke Ontwikkelingsmaatschappij.
- **Eveneminten.** Utgeand fan ús jild foar gastfrijheidsekonomy sjogge wy nei it dielnimmen oan wichtige eveneminten. Dêrby is ferbûnens mei kennisûntwikkeling, arbeid en toerisme fan belang. Ien dêrfan is de Tall Ships Races yn Harns yn 2026. Wy betelje dêr oan mei. De provinsjale winsk om in ynternasjonale hurdfytswedstriid nei Fryslân te heljen, is yn dizze perioade foarearst finansjeel net helber.



Ynvestearje yn de mienskip

Frijwilligers spylje de haadrol yn doarpen, wiken en ferieningen. Oft it no giet om kultuer, sport of oare sosjale aktiviteiten. Se foarmje it semint yn de Fryske mienskip. Sûnder frijwilligers gjin Fryske mienskip. Dêrom fine wy it fan grut belang dat frijwilligers, ferieningen en organisaasjes harren wurdearre en needsaaklike wurk fuortsette kinne. Taal en kultuer ferbine ús. Hja kinne op bliuwende stipe fan ús rekkenje. Sadat wy in provinsje binne dêr't elkenien him yn thús fielt.

Leefberens

Wy fine it fan grut belang dat wy as provinsje trochgean mei it bydragen oan de leefberens yn wiken, buerten en doarpen. Sa kinne wy lokale ideeën honorearje dy't de leefomjouwing brûze litte. Ek dat is ynvestearje yn Fryslân. Dat dogge wy yn 'e mande mei gemeenten. Bygelyks by Regio Deals of fia it Iepen Mienskipsfûns. Mids 2024 komme Deputearre Steaten mei in foarstel dêrfoar.

Wy moatte better útdrage dat it noflik wenjen en wurkjen is yn Fryslân. Sadat bygelyks jong en âld yn de doarpen en wiken bliuwe. Sadat wy ús foarsjenningen yn stân hâlde kinne. Lykas dy fan húsdokter en de plysje.

It is net fanselsprekkend dat frijwilligers trochgeane mei har belangeleaze ynset. Se hawwe te kampen mei tefolle en te yngewikkelde regels dêr't harren aktiviteiten oan foldwaan moatte. Dat moat makliker. Ferieningen hawwe muoite om oan genôch bestjoerders en foldwaande kennis te kommen. Wylst de easken foar harren allinnich mar tanimme.

De driigjende ein fan Doarpswurk makket dat lestiger. Stipe falt dan fuort. Netwurken en ynfrastuktueren ferdwine. Dy bouwe jo net samar wer op. Dêrom behâlde wy Doarpswurk.

Der is al in proef hoe't Doarpswurk yn oparbeidzjen mei Sport Fryslân en Keunstwurk in rol spylje kin by it stypjen fan ferieningen, organisaasjes en frijwilligers. Dêr meitsje wy de provinsjale ynset fan. Mei it fersterkjen fan de taken fan Sport Fryslân kin Doarpswurk sa in ûnôfhinklik adviseur foar ús doarpen bliuwe.

Mei dy organisaasjes bouwe wy oan in sterke stipe foar inisjativen fan ús mienskip. Foar de stipe komt ien loket dat maklik te finen en te berikken is. Dêrneist sjogge wy hoe't wy derfoar soargje kinne dat se op it mêd fan bedriuwsfiering tûk saken kombinearje sille. Dêrtroch komt der safolle mooglik jild direkt beskikber foar leefberensprojekten.

Foar it jild foar de projekten út de gearwurkingsagenda mei Ljouwert sjogge wy nei de rinnende programma's.

Fryske taal en kultuer

Taal en kultuer foarmje in essinsjeel ûnderdiel fan ús maatskippij. Dêr moatte wy in wêzentlike bydrage oan leverje. As wy as provinsje ús net serieuus ynsette foar de Fryske taal, dogge oare partijen dat ek net. It Frysk moat sichtberder wêze. Sadat wy it mear brûke.

Om it jild foar it Frysk effektiver te brûken, sjogge wy hoe't mear gearwurking tusken alle organisaasjes mooglik is. Dêrtroch giet der minder jild nei it kantoar en mear nei de praktyk.

Wy wolle yn de kommende jierren meters meitsje op it mêd fan de Fryske taal. Stipe fan de provinsje is nedich om de ambysjes yn 2030 te heljen. Wy stribje dêrby noch hieltyd nei in eigen ûnderwiisynspeksje. Dy't net allinnich sjocht nei it oanbod, mar ek nei de útfiering fan de taalprofilen. Foar sichtberens fan it Frysk en de streektalen stelle wy betingsten by it jaan fan provinsjale subsidydzjes. Fansels kinne de jongste ynwenners fan Fryslân en harren âlden rekkenje op it Taalkado.

Wy stimulearje dat nijkommers dy't yn de soarch komme te wurkjen Fryske taalles krije. Dêrtroch kinne se better yn kontakt komme mei foaral âldere pasjinten.

Fansels hawwe wy omtinken foar streektalen lykas it Biltsk, Stellingwerfsk en it Stedfrysk. Ynstânsjes moatte witte wêr't se finansjeel op rekkenje kinne. Ek dêryn binne wy in betroubere oerheid. Wy ynvestearje dêrom yn taal en kultuer.

Op it mêd fan kultuer rint dizze perioade it hjoeddeistige belied Nij Poadium ôf. Wy wolle ynsette op in robúste basisynfrastuktuer. Ynstellingen en organisaasjes dy't it ferhaal fan Fryslân fertelle, fertsjinje wêr't dat mooglik is stipe. We wolle mear jild út lanlike en Europeeske fûnsen en subsidydzjeregelingen nei Fryslân helje. Dat kin bygelyks yn 'e mande mei Arcadia.



Sûnens en sport

It stimulearjen fan de sûnens tsjinnet in soad doelen. It beheint soarchkosten. It soarget derfoar dat minsken better yn harren fel sitte. Dêrom sille wy deroan bydrage dat ynwenners hjir op in sûne en lokkige wize in hege leeftiid berikke kinne. It stimulearjen fan sport en in sûne libbensstyl past dêrby. Wy sette it Fryske sportbelied troch.

Flechtlingen

Ut solidariteit en neisteleafde wei fine wy it fan belang dat Fryslân flechtlingen op in goede wize opfangt. Sadat se daliks meidwaan kinne yn it doarps- en buertlibben. As dat winske is, spylje wy dêr yn oerlis mei Ryk en gemeenten in rol yn. Bygelyks om fia de arbeidsmerkregio mei te helpen flechtlingen en statushâlders makliker oan it wurk te krijen op ús arbeidsmerk.

Wat wy berikke:

- **Ferminderjen fan regeldruk.** Wa't in aktiviteit organisearje wol, kin terjochte op ien plak dêr't se dy helpe mei it foldwaan oan de regels. Der sille ek minder regels jilde. Minder en makliker.
- **Fergunningen.** Foar gemeentegrinsoerstekkende en mearjierrige eveneminten ferienfâldigje wy de fergunningprosedueres. Lykas bygelyks de Fytsalvestêdetocht en it Skûtsjesilen. Wy sykje de gemeenten dêroer aktyf op. Om mei-inoar nei in oplossing te sjen.
- **Stipe ferieningen.** Ferieningen en inisjativen moatte genôch stipe krije foar harren bestjoer en aktiviteiten fia Doarpswurk, Keunstwurk en Sport Fryslân. Foar finansiering fan aktiviteiten kinne se terjochte by provinsjale fûnsen.
- **Leefberens.** Wy nûgje gemeenten en ynwenners út om mei-inoar te wurkjen oan in aksjeplan hoe't wy de mienskip stypje kinne op it mêd fan leefberens. Wy sette de regelingen foar it lepen Mienskipsfûns troch.
- **Yn it lepen Mienskipsfûns** komt in regeling 'Lytse Mienskipsinisjativen' en in ûnderhâldsfûns foar multyfunksjonele gebouwen, doarpshuzen en wyksintra.
- **Taal.** As provinsje binne wy de hoeder fan de Fryske taal. Wy soargje foar mear ryksjild foar it Frysk. Besteande organisaasjes op taalgebiet moatte mear gearwurkje en it jild effisjinter brûke. It is no tefolle fersnipele. Mei soms te lytse bedraggen. It moat sintraler. Behâld fan de folweardige learstoel Frysk op universitêr nivo is in eask.
- Wy sette fol yn op it **Taalplan Frysk 2030**. Binnen de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) wolle wy mear omtinken foar ús Fryske skiednis. Mei it Ryk meitsje wy ôfspraken oer mear ryksjild foar de twadde rykstaal.
- **Kultuer.** Om de ekstra ynset foar kultuer te stypjen, sjogge wy ek nei kânsen om kultuer en oare ambysjes oanelkoar te keppeljen. Mooglik binne musea lykas it Frysk Natuermuseum en it Lânboumuseum te helpen mei jild út de natuerhoeke foar de edukaasjefunksje. Wy stypje inisjatyfnimmers mei in ûnôfhinklik kultuerfûns foar ynsidintele keunst- en kultuerprojekten. Dat rjochtet him op 'Jonge Makers', hfabra en oare keunstners dy't (noch) gjin oansluting hawwe op besteande regelingen.
- **Museumbesite troch bern.** Der komt in plan om it foar basisskoalbern mooglik te meitsjen om faker nei musea te gean.
- **Jongereinsport.** Wy wolle stimulearje dat it foar elk bern mooglik is om te sporten.

- **Sûn en lokkich âld wurde.** Wy geane troch mei it stypjen fan de bloeisône (sûnens stimulearje). Wy nimme diel oan de tafel 'Seker en Sûn'.
- **Sport.** Wy stimulearje sport en sporteveneminten, benammen it dielnimmen oan Fryske sporten.
- **Inisjativen.** Wy stypje de maatskiplike inisjativen Nannewiid en Tsjûkemar. By oare nije inisjativen sjogge wy hoe't wy dêrmei omgeane.
- **Leefberens.** Wy stypje sosjale leefberensprojekten.
- **Kulturele ynstellingen.** In protte kulturele ynstellingen krije jild foar harren kulturele taak. Dêr foegje wy in pear ynstellingen oan ta dy't dat yn de ôfrûne jierren net of amper krigen, mar dy't wol flink ynvestearje sille.



Ynvestearje yn sifers

Yn it finansjele belied geane wy fierder op de ynsette solide koers. Wy hawwe tagelyk sjoen nei in bettere ferhâlding tusken wat wy útgjewe en wat wy efter de hân hâlde. Dat jout mear finansjele mooglikheden foar de kommende jierren. Dêrtroch kinne wy sels de kommende fjouwer jier sa'n € 175 miljoen ekstra ynvestearje yn Fryslân.

Wy ferwachtsje de kommende tiid dúdlikens oer it jild dat wy fan it Ryk foar in tal saken krije. Lykas it Frysk Programma Lanlik Gebiet. Geregeld meitsje wy de balâns op en sjogge wy hokker gefolgen dat hat. Wy sjogge wilens ek nei it takepakket fan de provinsje. Sadat dúdlik is wêr't wy fan binne en wêr't wy ús ferantwurdlik foar fiele.

Wy soargje ek dat der mear jild út de Europeeske Uny nei Fryslân komt.

Utgongspunten foar it finansjele belied:

- De mearjierrebegrutting is struktureel slutend. Dat betsjut dat de begrutting op in termyn fan sa'n tsien jier slutend is
- Om ynspylje te kinnen op nije ûntwikkelingen stribje wy dernei om dêrfoar strukturele finansjele romte beskikber te hâlden
- De minimale stân fan de frij te besteegjen reserve bedraacht € 10 miljoen
- Strukturele útjeften dekke wy út strukturele middels
- By ynset fan revolwearjende middels binne de miste rendeminten dutsen: de rinte dy't wy misrinne of dy't wy betelje moatte, dekke wy ôf.
- Jild jouwe wy allinnich út as wy alle kosten en (eventuele) strukturele finansjele gefolgen fan in aktiviteit betelje kinne

- By alle útstellen oan Provinsjale Steaten dy't jild kostje, meitsje wy dúdlik hoe't wy dat op in ferantwurde wize betelje.
- Deputearre Steaten fiere allinnich moasjes út dy't finansjeel dutsen binne. By amendeminten ferwachtsje wy fan Provinsjale Steaten deselde dissipline.
- Oan it meifinansierjen yn projekten fan oaren stelle wy betingsten sadat wy goed sicht hâlde kinne op de resultaten. De ferplichting ta ferantwurding moat yn ferhâlding stean ta de ynspanning dy't de oar leveret.
- As wy finansjele ôfspraken meitsje mei oaren, binne dy foar ús hurd. Offallers of ekstra fereaske middels binne foar rekken fan de partij dy't dy it bêste foarsjen kinnen hie. Dat is oer it algemien de partij dêr't wy dy ôfspraken mei makke hawwe.

Finansjeel sykje wy de balâns tusken wat wy nedich hawwe foar de takomst en wat wy no besteegje kinne. Om ynvestearje te kinnen, akseptearje wy tydlik dat wy it bedrach ferleegje dat nedich is om risiko's op te fangen. Dy saneamde wjerstânsnoarm bringe wy fan 'rom foldwaande' nei 'foldwaande'. Us ambysje is om dy ûnder de rit werom te bringen nei rom foldwaande. Dêr meitsje wy in plan foar.

Oer de hiele liny sjogge wy dat de kosten de ôfrûne jierren op in soad terreinen omheechgien binne. Dat hat laat ta hegere útjeften troch de provinsje. Dochs beheine wy de ferheging fan de opsinten. Dy geane allinnich omheech mei it ynflaasjepersintaazje.

Lykas earder oanjûn is, meitsje wy it foar de mienskip ienfâldiger om plannen te meitsjen en aktiviteiten út te fieren. Dat jildt ek foar hoe't wy dêroan meibetelje. Dêrom kieze wy foar 'bredere budzjetten'. Sûnder sketten en sûnder al te folle yngewikkelde en krechte foarskriften. Dy hâlding ferwachtsje wy ek fan it Ryk.

Wat wy berikke:

- Gebietsdeputearren krije in eigen mandaat om harren gebietsbudzjet besteegje te kinnen.
- Ekstra ynkomsten fan boppe de € 6 miljoen jiers fan Wypark Fryslân geane nei de frij te besteegjen reserve.
- Opsinten. Wy beheine de ferheging fan de opsinten mei maksimaal de ynflaasjekorreksje.

Ynvestearje yn de organisaasje

Yn dizze krappe arbeidsmerk is it foar oerheden mear as ea nedich om in goede wurkjouwer te wêzen. Dêr wolle wy as ien oerheid yn 'e mande mei Fryske gemeenten en it Wetterskip Fryslân mei oan 'e slach. Sa kinne oerheden yn Fryslân meiwurkers behâlde en oanlûke om de mienskip optimaal te betsjinjen. Wy hechtsje oan it fuortsetten fan de organisaasjeûntwikkeling dy't yn gong set is. Om de provinsjale tsjinstferliening te fergrutsjen, sette wy mear meiwurkers yn foar ús wetlike taken. It oanfreegjen fan subsydzjes meitsje wy ienfâldiger.

De sawat 55 subsydzjeregelingen dy't der no binne, ferminderje wy. Wy meitsje se ienfâldiger en foegje se byinoar. Mei koartere ferwurkingstiden. Ynwenners kinne sels meisjen hoe't it stiet mei de behandeling fan harren fraach of subsydzjefersyk. Dat meitsje wy mooglik fia ús webside. Trochdat oanfregers meisjen kinne, sjogge se de fuortgong.

Personiel

Mei in stikmannich gemeenten en it Wetterskip wurkje wy al gear op it mêd fan personiel. Dat komt tefoaren dat wy inoar op dat mêd bekonkurrearje. Wy sjogge hoe't wy dy gearwurking ek mei oare gemeenten groeie litte kinne.

Sa krije wy mear grip op hoe't wy as oerheid de goede minsken op it goede plak krije. Foar de kommende jierren meitsje wy dêr belangrike stappen yn. Dat is ek de ynset fan ús strategyske personielsplanning. Dy foarmet in wichtige boustien fan de organisaasjeûntwikkeling.

Mei dy fernijde organisaasje spylje wy yn op de opjeften dy't op ús ôfkomme en de hurd feroarjende easken oan ús wurk. Wy jouwe mear betrouwen oan meiwurkers, mear mandaten en berikke dêrtroch mear mei mear slachkrêft. Ek dêryn is betrouwen wichtiger as kontrolearjen.

De organisaasje soarget derfoar dat dy de wetlike taken en de ambysjes út dit akkoart realisearret. Mei dit akkoart is ek de kapasiteit regele dy't dêr struktureel en ynsidintueel foar nedich is. Oanfoljende winsken en ambysjes binne net te realisearjen sûnder ekstra jild foar persoanlik.

Mear gearwurking mei oare oerheden kin mooglik ek op it mêd fan behear en ûnderhâld.

Sirkulêr

By it ynkeapjen fan provinsjaal guod binne wy ekstra wach. Wy dogge alles sa sirkulêr mooglik. Wy sille ús buro's, auto's en oare nedichheden langer brûke. It is skande om se earder fuort te dwaan. Boppedat fine wy dat wy as oerheid by útstek in foarbyld-funksje hawwe.

Bestjoer

Neist in tsjinjende oerheid binne wy ek in oerheid dy't it politike petear tichter by de mienskip en de aktualiteit fiert. Sawol Provinsjale as Deputearre Steaten hearre dêr in foarbyld yn te jaan. Provinsjale Steaten binne dêr fia harren reglemint fan oarder foaral sels ferantwurdlik foar. Mar dêr is ek goede gearwurking foar nedich.

Wat wy berikke:

- **Subsydzjeregelingen.** Deputearre Steaten komme mei in útwurke foarstel yn it fjirde fearnsjier fan 2024 foar it gearfoegjen en ienfâldiger meitsjen fan subsydzjeregelingen. Foar it ferkoartsjen fan de oanfraachterminen. Foar it digitaal meitsjen by de behandeling fan de subsydzjefersiken en oare fragen.
- **Flotter agindearje.** De tiid tusken it agindearjen en it feitlik behanneljen fan ûnderwerpen yn Provinsjale Steaten en ek út Deputearre Steaten wei wolle wy beheine. In ynformearjend skriuwen oer in aktueel ûnderwerp om dêroer de mening fan PS te freegjen heart ta de nije mooglikheden.
- **Gebietsdeputearren.** Deputearre Steaten fergrutsje harren belutsenens by de mienskip. Neist in ynhâldlike portefúljeferdieling wize wy fiif gebietsdeputearren oan. In deputearre is yn dat gebiet it earste oansprekpunt fan wat de provinsje dêr docht en útjout. Foar dizze kolleezjeperioade krijt elke gebietsdeputearre € 1 miljoen oan gebietsbudzjet foar lokale ympulzen.



BYLAGEN

Finansjele ympuls

Yn de tabel hjirûnder is yn de lêste twa kolommen oanjûn wêr't de koälysje dizze bestjoersperioade yn ynvestearret. Foar in part bart dat mei bydragen dy't alle jierren weromkomme (struktureel), foar in part mei ynsidintele bydragen (kolom tydlik). De earste kolom mei sifers jout oan wêr't op basis fan de begrutting struktureel al jild hinne giet. Dat bliuwt yn de kommende jierren ek sa.

Ekstra ynvestearringen

Underwerp (bedraggen x € 1.000)	Struktureel op basis fan hjoeddeistige begrutting	Struktureel. Ekstra yn neie perioade	Tydlik 2024-2027
Ynvestearje yn inoar			
Gebietsbudzjet per deputearre	0		5.000
Ynvestearje yn lânbou en natuer			
Natuer en lânskip	54.800		3.250
Lânbou	0		2.000
Wetter en boaiem	1.600		3.000
Kofinansiering Mienskiplik Lânbou Belied	0		16.000
Fryske Grûntafel	0		500
Ynvestearje yn de wenomjouwing			
Wenje	100		5.000
Mobiliteit (haadfytsrûtenetwurk provinsjaal)	100		3.000
Slûs Koarnwertersân	0		4.500
Iepenbier Ferfier	59.000		4.000
Lelyline	0		1.000
Lûdssanearring gebouwen lâns provinsjale diken 68 dB	0		300
Behear en Underhâld (ûnder oaren fiskmigraasjerivier)	25.500	1.400	
Keunstwurkeprogramma 2028-2048 € 8 mln. ynvestearring yn 't jier	200	160	
Yntegraal behearplan Waadsee behearautoriteit Waadsee	0	20	
Koördinaasjefunksje Wrâlderfgoed Waad	0	10	
Ynvestearje yn skjinne enerzjy			
Energjy	0		2.000
Ynvestearje yn wurkgelegenheid			
Ekonomy	900		20.000
Kofinansiering Europeeske programma's	0		5.000
Gastfrijheidsekonomy (ynkl. Tall Ships Races Harlingen 2026)	2.900		4.000

Underwerp (bedraggen x € 1.000)	Struktureel op basis fan hjoeddeistige begrutting	Struktureel. Ekstra yn neie perioade	Tydlik 2024-2027
Ynvestearje yn de mienskip			
Leefberens	1.700		14.000
Kultuer (ynklusyf Jopie Huisman Museum)	16.100		17.500
Taal	9.200		10.000
Erfgoed (ynklusyf Planetarium)	3.600		5.000
Sport	1.200		2.160
Maatskiplike inisjativen Tsjûkemar/Nannewiid	0		1.000
Doarps Untwikkel Maatskippijen	0		3.200
Doarpswurk	0		2.030
Kofinansiering regiodeals	0		4.000
Ynvestearje yn de organisaasje			
Ynvestearje yn de organisaasje	53.400	3.000	
Ynformaasjejoarsjenning en -befeiliging	5.600	2.000	
Energjylêsten gebouwen, dykferljochting, pompen ensfh.	600	500	
Organisaasje kapasiteit útfiering bestjoersakkoart	0		10.000
Totalen		7.090	147.440

De bydrage fan € 7 miljoen foar strukturele útjeften komt alle jierren werom. Oer de perioade oant en mei 2027 is dêrfoar € 28,2 miljoen nedich. Opteld by de € 147 miljoen oan ynsidintele bydragen leveret dat dizze kolleezjeperioade in ynvestearring op fan € 175 miljoen.

Weroerwagingen

Underwerp (bedraggen x € 1.000)	Struktureel	Tydlik
Op 'e nij ynsetten fan restantbudzjet		
Boaiemsanearring		800
Ynfrastruktuer ekonomy		2.000
Leef- en wenklimaat		800
Taal		150
Opheffen reserve ticketrisiko's		1.000
Ynset reserve Wypark Fryslân boppe de jierlikse opbringst fan € 6 mln		13.000
Totaal weroerwagingen	0	17.750



Brieven oan de (yn)formateur

Op dizze list steane de nammen fan ôfstjoerders fan brieven foar de ferkenner, de formateur(s) en de formearjende partijen. Ofstjoerders fan brieven dy't streekkrjocht nei Provinsjale Steaten stjoerd binne, steane net altyd op dizze list.

1. Wetsus en Water Alliance
2. Circulair Fryslân
3. Stichting Werklandschappen van de Toekomst
4. De Nederlandse Organisatie voor Jacht en Grondbeheer (NOJG)
5. Friese Milieufederatie, IVN, It Fryske Gea, Landschapsbeheer Friesland, Natuurmonumenten en Bond Friese Vogelwachten
6. Koninklijke Nederlandse Jagersvereniging, afdeling Friesland
7. ENGIE Nederland
8. Techniekpact
9. Particulier
10. Reizigersvereniging Rover
11. Winamer Belang
12. M8, acht Friese musea
13. Vereniging van Schouwburg- en Concertgebouwdirecties (VSCD)
14. Lely International NV
15. Bestuurlijk Overleg Friese Energietafel
16. Taskforce Korte Keten
17. SKBN – kennisalliantie voor bedrijventerreinen en werklocaties
18. SDG Netwurk Fryslân
19. Sport Fryslân en Doarpswurk

20. Katapult – ‘Aanjagers van de kennis van morgen’
21. NL Buiten
22. Innovatiepact Fryslân
23. Gemeente Waadhoeke
24. De Nationale Jeugdcoalitie
25. Stichting Wolvenhek Fryslân
26. Vogelbescherming Nederland
27. JOGG – Gezonde Jeugd Gezonde Toekomst
28. Vewin – Vereniging van waterwinbedrijven
29. Interprovinciaal Overleg (IPO, Den Haag)
30. Coöperatief wonen
31. Een brief (Den Haag) van vier organisaties
32. Fietzersbond, ANWB, Wandelnet, Veilig Verkeer
33. Stuurgroep aquaduct A7 Bolsward
34. Stichting Doarpswurk
35. Platform Groen Gas
36. Vereniging Friese Gemeenten – een waterbrief
37. Nederlandse Vereniging Duurzame Energie
38. Mobiliteitsalliantie en ANWB
39. Landelijk Platform Overlast GoederenTreinen
40. Nationaal Jeugdfonds Jantje Beton
41. Veiligheidsregio Fryslân
42. Van Wijnen
43. Bouwend Nederland
44. Save the Children
45. De Streekboer
46. Transitie Coalitie Voedsel
47. Een particulier
48. Netwerk Centrummanagement Fryslân (met steun van afdeling Fryslân Koninklijke Horeca Nederland en VNO-NCW MKB Noord)
49. Keunstwurk
50. P10 en K80
51. Jonge Democraten
52. Gemeente Harlingen
53. Gastvrij Fryslân
54. Wethouders EZ van Heerenveen, Leeuwarden, Smallingerland en Súdwest-Fryslân
55. DINGtiid
56. Directie en RvC Thialf
57. Pure Energie – een energiebedrijf in Enschede
58. Gemeente Súdwest-Fryslân
59. Jopie Huisman Museum
60. Bond Friese VogelWachten
61. Liander
62. Keunstwurk
63. ProRail
64. WEN, dorpscoöperatie Wijnjewoude
65. Haven Netwerk Fryslân
66. Firda
67. Wethouders ‘wonen’ van Heerenveen, Ooststellingwerf, Opsterland, Smallingerland en Weststellingwerf
68. NOC*NSF

69. Arcadia
70. Kollektievenberied Fryslân
71. VVD, Statenfractie
72. Nederlands Bureau voor Toerisme en Congressen
73. NS, Regiodirectie Noordoost
74. Werkgroep Gezond Voedselsysteem van de Economic Board Noord-Nederland (EBNN)
75. FNP, Statenfractie
76. Partij voor de Dieren, Statenfractie
77. Gebiedscommissie Aldeboarn-De Deelen
78. Beweegalliantie
79. Nederlandse Archeologievereniging
80. Vereniging Friese Woningcorporaties
81. Alzheimer Nederland, afdeling Friesland
82. Omrop Fryslân
83. Coöperatie Univé N.V.
84. Alliantie Zon
85. Europeesk Buro foar Lytse Talen
86. LTO Noord
87. Platform Rassen en Gewassen
88. Vitens
89. Producenten Organisatie Varkenshouderij
90. Federatie Mobiliteitsbedrijven Nederland
91. Essent
92. Lifelines
93. Kennisnetwerk wooncoöperaties
94. Regeringscommissaris voor het Deltaprogramma (Peter Glas)
95. Cascade
96. Forum voor Democratie, Statenfractie
97. Een particulier
98. Fryske Grûntafel
99. Samenwerkende Actiegroepen Tegen Laagvliegen
100. Stichting Harlingen Sail
101. Netwerk Centrummanagement Fryslân
102. ANWB, Recreatieschap Marrekrite, DMO Merk Fryslân, TAF, TCF, Doarpswurk en HISWA-RECRON
103. D66, Statenfractie
104. Stichting Digitale Dorpspleinen & Shopforce
105. Stichting Sneekweek
106. Instituut Maatschappelijke Innovatie & De Natuurverdubbelers
107. Keunstwurk, namens een breed veld van instellingen
108. Stichting Nanneiid e.o.
109. Stichting CineNord
110. Stichting Mearslach
111. Wereld Natuur Fonds
112. De meertaligheidscoördinator van gemeente Waadhoeke
113. Steinfort Glas Franeker
114. Ja21, Statenfractie Fryslân
115. Wethouders wonen in Fryslân
116. Vier voormalige leden van de funderingstafel
117. Climate for Life

118. Werkgroep Friese IJsselmeerkust van de stichting Fryske Paden en landschapselementen
119. Minister voor Volkshuisvesting en Ruimtelijke Ordening
120. GrienLinks, Statenfractie
121. It Fryske Gea, Friese Milieufederatie en IVN Noord-Nederland
122. Partij voor de Dieren, Statenfractie
123. Brief Faunabescherming
124. Coalitie Blauwe Hart Natuurlijk
125. Arbeidsmarkttafel Noord
126. Partij voor de Dieren, Statenfractie
127. Stichting Noordelijke Woudroute
128. Mobiliteitsalliantie en ANWB
129. Stichting Landelijk Fietsplatform
130. Transport en Logistiek Nederland
131. Veilig Verkeer Nederland
132. Vereniging Eigen Huis
133. Farmers Defence Force, afdeling Friesland
134. VNO-NCW MKB Noord
135. Caring Doctors

